

`Oer boerepaden'

Kulturele Kuiertocht op sneon 21 oktober 2023

Hienen de waargoaden wier har bekomst fan de rein, fregen wy ús moarns ôf?
Deis tefoaren tjirgen sy mâl en smieten elkoar bakken wetter ta.
As in sompe leinen de greiden te wachtsjen op de lêste drippen.
En wrachtsjes... de waargoaden skonken ús in drûge middei!
De sinne bruts troch, alles klearre op doe't sa'n 58 kuierdere ûnderweis wiene.
Der foelen inkeld wat drekspatten op 'e broeksbokse.

Diskear rûnen we oer boerepaden, troch harren lân en oer polderdiken.
Yn de widens om Blauhûs hinne mei hjir en dêr in pleisterplak.
As earste de grutte rinstâl fan de fam. Tjitte Oppedyk mei wol trijehûndert kij.
Sy harken mei ús nei it ferhaal oer Lyske, in joads famke dat yn de oarlochsjierrren in feilich
ûnderkommen hie op dizze pleats.
Dêrnei liet boer Tjitte ús de melkerij fan tichtby te sjen.

De kuier gong fierder nei it pronkje fan Westhim: nei de Bartholomeüs Tsjerke.
Hjir holden we skoft en prate Sicco ús by oer de skiednis fan de tsjerke.
Dêrnei folge Marije Sennema; skriuwster en keunsthistoarika .
Se fertelde oer de foarstúdzje fan har berneboek `Paula en de weirekke spegel'.
Ut har lêzing bliek dat de selsportretten fan Paula-Modersohn-Becker (1876-1907)
har foaral ynspirearre hienen foar in ferhaal.
Op in skerm seagen we ferskate portretten en Marije joech in nijsgjirrige taljochting.
Wêrom, frege se har ôf, skildere sy faak harsels, wat wie har driuw en wat skûlet der mear yn?
Dizze kearnfragen waarden de kapstok foar it ferhaal.
Ek seagen we in yllustraasje fan Tijana Lukovic foar it berneboek. Oansprekkend moai mei eleminten
út guon skilderijen fan Paula M.B. Takommene jier is it boek rûnom te keap!

Us hjerstkuier sette wer útein, rjochting de Griene Leane mei wylgebeammen.
Sa'n leane ferwachtsje je net yn it lân mar leit dêr wûndermoai.
Fan dêrwei nei de pleats en oer it hiem fan de fam. Bakker.
Ek aardich dat de boerinne apels rûndielde. Oer in lang betonpaad kamen we út by in polderdyk.
Dy brocht ús nei it plak , healwei Blauhûs, dêr't yn 1633 De Marmole boud waard.
It wie ien fan de grutste molens fan Fryslân. Yn dy tiid waarden de Sensmar en de Attebuurstermar
drûchmeald en ynpoldere. Yn 1928 waard De Marmole ferfongen troch in elektrysk gemaal.
En yn 1930 is de mole ôfbrutsen. Dêr hat Gerben Rypma in gedicht oer skreaun.
Dit gedicht ferskynde yn It Heitelân- Algemien Frysk Moanneblêd.
Marije Roorda brûkte de polderdyk as poadium en droech `Mounle-ôfskie foar.
It wie noch in lyts kuierke nei it doarp. Dêr wachte de Freonskip op ús foar in Noflik Romsitten.

Mei tank oan fam. Tj.Oppedyk, Marije Sennema, kosterfrou, fam. Bakker, it kostlike waar.

Marije Roorda